

Notulen fan de foriening "It Doarpsrountsje" to Hantum.

Oprjochtingsgearkomste fan de foriening "It Doarpsrountsje", hâlden op Moandei, 6 febrewaris 1950 yn 'e seal fan R. van der Ploeg op it Hantumerhoekje.

Sa tsjin in ûre as acht binne der in lytse tritich minsken bij Rypke ynroun, dy jouns. Neyerhân blykt, dat der hiene noch mear komme sille, mar it waer wie what rydlik min, dat sadwaende lieten hja forstek gean. Nou, der wie yndied hwat fan oan. Unlijch waer, mei in oanhâldende mingeljende rein en in drege pûster wyn. En fansels, om 'e tiid hinne doe't men fan hûs moast, wie it ek noch sawat op syn slimst. Dat rekken hâldend dermei, koe de opkomst noch tsjin de forwachtings hiette.

Nou, doe't wy allegearre in kromke to stoel en to bank wiene, kaem dan Gerbens ús to fordútskjen, hwerom 't him tocht, dat wy ris meiinoar prate moasten. In útiensetting, dy't ús tink stik foar stik wol to 'n neisten by út it hert grypt waerd. Yn 't koart komt it hjir op del, wy as frijsinnigen hearre ris hwat mear en better kontakt mei-inoar to ûnderhâlden, as oan nou ta meast dien wurdt. Dat idé hat de heer Braak fan Ternaerd ris nei foaren brocht, doe't dy ris met Gerbens praette. En Gerbens hat syn ear fierder to lústerjen lein en mei oaren yn'e mande de wein oan't rôljen brocht. It is dertroch dan nou oan ús gearkomste by Rypke takommen. Hwat hjirmei mear dien wurde moat, mei elts syn lûd wolris oer hearre litte.

Nou, dêr wurde wy it wol oer iens. In kear as fjouwer yn't jier wolle wy bymekear komme. Op in saneamde kontaktjoun, dy't net it karakter drage moat fan in allerdeiske feestjoun, mei hwat muzyk, in dounske en in sûpke, mar it hoecht fansels ek wer net sa'n heechfleanend kultureel barren to wurden, dat elts mei in fan geleardens dûzeljende holle, nei ôfrin de sliep nea to pakken krije kin. Der tuskenyn sawat. Mar yn elts gefal in joun, dy't de krytyk fan ússels sawol as fan oarstinkendentrochstean kin. Dêr is elts it mei iens; der binne bûten Gerbens in pear fan de oanwêzigen, dy't yn 'e selde geast der harren visy op jowe. Foarearst sille wy de gearkomsten mei eigen folk gesellichsjen moatte to meitsjen, mar as der yndied in foriening komt, sil der bisocht wurde, fan it lidmaetskipsjild ekris immen komme to litten.

Wolnou, de foriening komt der dy jouns. Fan de 29 minsken yn't sealtsje jowe harren ek 29 as lid op. Om 't men lykwols op noch mear leden rekket út it folk, dat teffens forwachte wie mar net kommen is, wurdt der foearst in tydlik bistjûr útroppen. Dit komt to bisten út frou P. Postma Hantumhuzen, frou J. van der Meulen Hantum, A. Gerbens Hantum en Jan Grijpstra Hantum.

En fierders is dêr dan it ûnofficiële diel fan de joun. Nou, it blykt, dat wy op dit stik fan saken ús mei bydragen fan eigen krêften, foarearst wol formeitsje kinne. Yn 't foarste plak mei Jitze Grijpstra wol neamd wurde mei syn harmonika. Hoewol, ek yn 'e saneamde spraekwetterfal lit er him net kinne mei syn praetsje oer hoazzen. Yn it raem fan dy ûndernimming praet fierders de frou fan Simen Grijpstra oer Simen en aeijen, wylst Van der Meulen beuzelt oer kei, de hear Zeinstra hat it oer zieren, frou Gerbens oer blommen en Piter Bosch makket in reiske yn 'e fleanmesine. Mei 't foardragen hawwe Jan Grijpstra en Van der Meulen om bar it wurd, wylst Simen Grijpstra draeit der sa út en troch ris in echt smeuch mopke tuskentroch. Fan it soarte dat nei mear smakket. Sa priuwt trouwens de thé en de hiele gesellige bitsjinning troch Rypke en syn húsgenoaten ek.

Och hea, foar't wy der erch yn hawwe, moatte de tafels en stuollen oan kant, sil der noch efkes dounse wurde. Hwat is dan in joun gau om, blykt it. Jitze syn dounsmesyk lit de klok yn in omsjoch nei de ien draeije en dermei is't ein fan dizze joun kommen. It koe net better foar de earste kear, wie grif elts fan bitinken. Wolnou, lit ús dan yn dizze geast fuortarbeidzje.

De skriuwster

A van der Meulen-Homans.

Goedkard en fêststeld
to Hantum op 17-3-1950
A. Gerbens
A. Postma-de Vries
A. van der Meulen-Homans
J. Grijpstra.

Forslach fan 'e gearkomste fan "It Doarpsrountsje", op Freed, 17 maart 1950, hâlden yn 'e seal fan W. Kamstra to Hantum.

Sjesa, dêr binne wy de twade kear by mekoar, dizze winter. Yn safier dan, it rountsje hâldt syn twade joun, mar alle leden fan de foarige kear binne der net. Derfoar yn't plak sjogge wy lykwols gâns nije gesichten, en as nou de dielnimmers van dizze beide jounen in oare kear ris tagelyk komme, nou smyt dan de jassen mar út, dan kin't in oeribele gesellige boel wurde.

Fansels, Gerbens, ús foarsitter, hjit al it folk in hertlik wolkom. Mei de joun elk in kromke foldwaen, rekken to hâlden mei de omstannichheit, dat wy ússels en mekoarren bisykje moatte to formeitsjen. Dan wurdt earst it forslach fan de foarige gearkomste efkes foarlêzen. Dat lit us skriuwster oan har staetssekretaris oer; it forslach wurdt sûnder foroaringen goedkard en fêststeld.

Fierders moat efkes útmakke wurde, hwat nou eins it fêste bistjûr fan it rountsje wêze sil. Nou, lang wurdt dêr net oer redendield, -men is fan bitinken, dat it bisteande tydlike bistjûr wol foar syn taek berekkene is, dat Gerbens bliuwt foarsitter, frou Van der Meulen skriuwster, frou Postma skathâldster en Jan Grijpstra algemien sekundus.

It lidmaatskipsjild wurdt fêststeld op jiers in rijkdaelder foar in troude pear en in daelder foar frijeselle leden. Der wurdt fuort mar sitting hâlden foar de kas, dan kriget men tominsten in kromke earmslach. Dan hearre wy sa de joun troch fan forskate oanwêzigen ien of mear foardrachten, to witte fan frou H. Lettinga, Corn. Brouwer, Jan Grijpstra en Van der Meulen en frou. Der wiene moaije en hiele moaije by.

En fierders it priispraten, dêr't de frou fan Jensma mei de ear en it stoflike blyk fan waerdearring by strikeng ie. Nou, it mei sein wurde, it wie beslist moai, dat forhael oer it libjen en stribjen fan de bargjes, dêr't hja ús op ûnthelle. Frou Van der Veen spriek yn dyselde kriich oer de bûsdoek, Gerbens oer hynders, Jan Grijpstra oer de W.C., frou Sijtsma oer de poes en Jaap Zeinstra oer de pot. En allegearre hawwe hja tige harren bêst dien, mar ja, der wie nou mar ienris ien priis.

Mei niget hawwe wy nei Adema út Brantgum syn harmonika heard en der ús letter bêst by yn't swit dounse. Ek dizze gearkomste foldie elts wer tige skoan soe men wol sizze, dat it sil grif de lêste net

wêze. Mar foar dizze winter earst al. Neffens de presinsjelist wiene wy mei 29 minsken by mekoar; takomme jier allegearre tegelyk en dan de fyftich fol? It hat nou ien ûre west.

De skriuwster

A. van der Meulen-Homans (handtekening)

Goedkard en fêststeld to Hantum 22 januari 1951

A. Gerbens

A. Postma-de Vries

A. van der Meulen-Homans

J. Grijpstra

Forslach fan 'e gearkomste fan "It Doarpsrountsje" hâlden op Moandei 22 jannewaris 1951 by R. van der Ploeg op 'e Hantumerhoeke.

De foarsitter, de hear Gerbens, iepent om sahwat kertier foar achten de joun, mei in hertelik wolkom oan 'e oanwêzigen. Nou, dat binne der in macht dizze kears; de presinsjelist, dy't letter op 'e joun rounget, wiist út fan meimekoar 45. Allegearre tige bilangstellend tink nei de rede fan de hear Jansen, direkteur fan it gefang to Ljouwert, hokker rede op 'e útnoegingen oankundige wie.

Mar der is in kink yn 'e kabel kommen, fornijt de foarsitter ús. De hear Jansen is nammers op 'e lêste fiif minuten siik wurden, sadat de hiele boel noch yn 't hûndert driigde to rinnen, nei 't it foar it bistjûr earst al sa'n pûpetoer west hie om ien en oar foarmekoar to krijen, foaral troch de krapte oan jild, dêr 't hja mei to krijen hiene. Troch dy omstannichheit is it ek al sa let yn 'e tiid wurden, foar 't men eins ta it hâlden fan de earste joun bislute koe.

Mar it slagge, âldergeloks, om in oare sprekker to krijen. Nei 't earst alris mei dûmny Bender fan Marssum bisocht is en mei de hear Schippers fan Drachten, is it bestjûr by dûmny Postma fan Stiens torjochte kommen. Dy mei nou fan 'e joun forwachte wurde mei in lêzing oer para psychologie. Omt er lykwols net sa ier komme kin, lit de skriuwster, op forsyk fan de foarsitter de notulen fan de foarige jouns earst mar foarlêze. Dy wurde sûnder foroaringen goedkard en fêststeld. Dernei wurdt der sitting hâlden foar de kas en dan, sa om in ûre as healwei njoggenen hinne, is dûmny Postma der ynkommen, dy 't moai gau-eflich mei syn rede út ein set. Hy praet, mei in koart skoftsje linz der tuskenyn om efkes to sykheljen, troch oan kertier oer tsienen ta. Ja, fortel mar ris nei, hwat er allegearre sein hat. Dat soe trouwens ek oerstallich wêze, mar de stelling dêr 't dûmny Postma by syn ynlieding oer parapsychologie sahwat fan út gie, mei faeks efkes neamd wurde. Dy komt hjir op del, dat "telepatie, voorspellende dromen en helderziendheid" foar in part wittenskippelik forklearre wurde kinne, wylst dat it gefal net is mei "spiritisme" oftowol kontakt mei de deaden.

Oer 't ginnerael is 't nammers sa, dat guon minsken hawwe wol ear foar alles hwat mei de saneamde tsjoenderij út to stean hat, wylst oaren wolle fan al dat gedoch neat witte, hja leauwe der neat fan. Neffens hwat dûmny Postma ús der nou fan forteld hat, soe 't dan sa wêze, dat party dingen wol biesteane of wier wêze kinne en oare wer net. Yn syn tankwurd oan 'e sprekker, forklearret de foarsitter earlik, dat hy fan it sizzen fan de pear wurden, dy 't er derfoar brûkt, mear switte moat, as de dûmny fan syn hiele ynlieding. Och ja, sa is it dochs: elk yn syn fak, netwier? En om nou jins tankwurd to fortolkjen yn in rede fan sa 'n ûre as twa, is ek net nedich. Der wurdt dan oan 'e

oanwêzigen foarsteld, om foar de folgjende jouns Wieberen Altena fan Makkum syn meiwurking to freegjen, mar it liket Simon Grijpstra ta dat it eins hwat let yn 'e tiid wurde sil. Hy fielt der derom mear foar, om dit foar takomme winter yn 't fet to hâlden. Sijtse Grijpstra seach dan lykwols leaver de gefangenisman oan 't wurd en stelt as bileanning "voorwaardelijk" foar de hear Jansen yn 't foarútsicht, om in moai skoftsje tiid fan him ôf to wêzen. Hwat dêr hast krekt efter sitte mei? Men kin der nei riede. Nei ré- en duplyk wurdt bisluten yn 't lêstoan fan Febrewaris, begjin Maert, yn elts gefal in twade joun to hâlden; men lit oan it bistjûr oer, hoe de wurklist fol to krijen. Om in part fan de oanwezigen meije der wol út eigen formidden kunsteners op 'e planken komme. Efkes letter komme de stuollen en banken oan kant en dounsjewy op mesyk fan Jitze syn harmonika en Van der Meulen syn fioele oan ien ûre ta.

Goedkard en fêststeld to Hantum 15 maart 1951

A. Gerbens

A. Postma-de Vries

De skriuwster: A. van der Meulen-Homans

J. Grijpstra

Forslach fan 'e gearkomste fan it "Doarpsrountsje hâlden op Tongersdei 15 maart 1951 by W. Kamstra to Hantum.

Om 't dûmny Bender fan Marssum, dy 't dizze joun it boek "Stiefmoeder Aarde" fan Theun de Vries foar ús bisprekke sil, om kertier foar tsienen al wer mei de bus werom moat, soene wy eins foar healwei achten los west hawwe. Men wit lykwols hoe 't it giet: it waerd in healûre letter, en yn dit gefal wie dat tige spitich. Dûmny Bender moast dêrtroch nammentlik yn 't lêstoan noch moai hastich ôfbreidzje, en dat wylst wy stik foar stik hast oan syn lippen hingen en noch wol folle langer nei him hearre wollen hiene.

Nei de iepening troch ús foarsitter Gerbens, mei in hertlik wolkom, bynammen oan 'e sprekker, sette dizze út ein. En hy hat ús op in ûnderhaldende menear mei de ynhâld fan "Stiefmoeder Aarde" en mei de talinten fan de auteur yn 'e kunde brocht. Earst hâldde hy in ynlieding ta it boek en ta de minsken, dy 't der yn foarkomme en dêrnei hat er, foar it théskoft, oet it boereslachte ûnder dy minsken sprutsen en neityd oer it arbeidersslachte. Hwat wist er ús oan it forhael to binen mei it oanwizen fan 'e tragyk yn it libben fan alle Wiarda's en de masterlike wize, fan it útbyldsjen fan harren karaktereigenskippen troch de skriuwer. It traggyske ein op âldjiersjoun fan ien fan de haedpersoanen, dêr't ek it ein fan it boek mei komt, wurdt men stil fan.

Der is dan in hastich ôfskied fan dûmny Bender en fuort dêrnei bringt Gerbens syn frou efkes nei hûs. Oft der ek mear efter sit, dat Piter Bosch net folle letter wer mei dyselde frou Gerbens ta de seal ynstappen komt, mei men nei riede. It forslach fan 'e foarige gearkomste wurdt foarlêzen en sûnder foroearingen fêststeld en tekene. Dan reitsje de artysten út ús formidden los. Earst Klaes Velink en frou mei "Zilveren draden tussen gouden", dat hja machtige moai op stimmen sjonge en dêr 't hja in soartemint ovaesje fan 'e oanwêzigen foar krije. Jitze Grijpstra lûkt ûnder de bidriuwen oan 'e harmonika en syn suster, Tine, hat ek al dwaende west.

Nei de "Zilveren draden" komt "Bernesmerte" foardroegen troch de frou fan Hindrik Lettinga. In kunst op himsels, it nei foaren bringen fan sa 'n stik, dy't troch de fortolkster wol forstien wurdt. Kees

Brouwer en de frou fan Klaes Velink spylje in stikje, dat hja foar 't greatste part sels optocht hawwe; nou, hja hawwe eare fan harren wurk. Hja witte ús ûnder oaren to fornijen dat Jan Simen's, fan Ukkie yn 'e pinke biten is, en dat nou baes en houn beide rêst hawwe moatte. It is to winskjen dat al least Jan meigauwens wer safier opknapt is dat er nochris op 'e planken kin, hwant syn foardracht oer de skoallemastersyn trije dochters foel der omraek yn. Letter komt Jan Grijpstra noch by de frou fan Klaes Velink en by Njisk Velink efter op 'e tandem oer 't toaniel. Nou, dat naeide der in koeltsje út, net sunich! Der wurde teffens noch in pear mopkes forteld troch dizze en jinge en Roel Hoekstra nimt de Harmonika ris fan Jitze Grijpstra oer. In hûs fol kunstners, sûnder útsûndering hast. Derom wol Simen Grijpstra foar de oare winter mar op in joun mei eigen krêften oan, hoewol foar bystân fan in dûmny is fansels ek wer folle to sizzen. Bisluten wurdt, mei it each op 'e toanielromte, foar de earste joun takomme hjerst immen komme to litten en dêrnei kin der fierder sjoen wurde. Mei in wurd fan hertlike tank oan allegearre, slút Gerbens it offisiële diel fan 'e joun en dernei dounsje wy noch in hiel set. Der wiene 45 minsken, dy't de jouns de presinsjelist tekene hawwe.

Goedkard en fêststeld to Hantum 30-10-1951.

De skriuwster: A. van der Meulen-Homans

Forslach fan 'e gearkomste fan it "Doarpsrountsje hâlden op Tiisdei 30 Oktober 1951 by R. van der Ploeg op 'e Hantumerhoeke.

Dizze joun is it wachtsjen op frou Siderius út Marssum, dy 't foar ús it boek "Ciske de Rat" fan Piet Bakker bisprekke sil. Neffens de presinsjelist, dy't sa yn 'e rin fan 'e joun rountiet, binne der 36 minsken delkommen om nei har to hearren. Wy krije earst in stikje muzyk foarôf op in noch âlderwetsk ustremint, to witten de echte harmonika, dêr 't Simen Grijpstra en Rypke van der Ploech forskate wyskes úthelje. Om in ûre as acht is de sprekster oanwêzich, hja is fan har man yn 'e auto brocht, dat dy is salang ús gast. Us foarsitter iepent de gearkomste mei in spesiael wurd fan wolkom oan frou Sederius en har oare helte, en sprekt de winsk út, dat hja ús like goed foldwaen mei as dûmny Bender dy't ek fan Marssum kaem en de foarige kears by ús west hat.

Dan komt earst it forslach fan ús skriuwster oer it jountsje mei dûmny Bender, dat sûnder foroaringen goedkard en fêststeld wurdt, en dêrnei set frou Siderius út ein. Hja forûntskuldiget harsels mei to sizzen dat hja fansels gjin dûmny is en dat men dus safolle ek net fan har forwachtsje mei en begjint dan mei Ciske de Rat. Piet Bakkers kin de karakters treffend útbyldzje, sa as yn dit boek bynammen de haedpersoanen Ciske en master Buist. Dêr soe faeks oan taheakke wurde kinne, dat der yn ditselde boek noch oare kaarkters folle skerper tekene binne as dat fan master Buist, mar dat is mooglik mear in persoanlike visy. Frou Siderius bynt ús hiel wol oan it forhael, - earst oan 'e dei ta dat master Buist en syn folkje mei fekânsje geane. Dêr pûste wy ek efkes by út en drinke in kopke thé. Dan giet it fierder, oan 't op lêst it tragyske ein fan it boek it slot fan de sprekster har foardracht is. Oan it hantsjeklappen is to fornimmen, dat hja skoan foldien hat. Gerbens tsjûget der fan, mei nammens de oanwezigen, har in hertlik tankwurd ta to sprekken.

It bistjûr wol dan de miening fan de leden wol ris hearre oer de wurklist foar de earstfolgjende kears. Simon Grijpstra fielt mar wakker folle foar in joun mei eigen folk. Nou, dêr is ek folle foar to sizzen; de kas komt it nammers to'n goede en wy hâlde dy kears de joun by Watze Kamstra dêr 't in toaniel is. It wurdt úteinlik oan 't bistjûr oerlitten hoe as hwat fierders. Dan sutelje de functionnarissen mei

harren baentsjes, mar de koer bliuwt ticht; der is gjinien fan de oaren, dy't der foar fielt om ekris mei de foarsittershammer to swaeijen, of de kas by to hâlden en likemin om it forslach ris op to meitsjen, of as algemien sekundus to fungearjen. Frou Postma hellet derom as fan âlds it lidmaatskipsjild mar wer bymeikoar. Dêrnei sjonge Siderius en frou it liet fan de skuonlaper; de ynhâld is learsum foar jonge froulju, de foardracht wie tige goed. Dêr kinne Van der Meulen en frou net tsjin út mei harren "Waterval". Klaes Velink en Eeke hiene der better foar kinnen, mar as elk yn spanning op harren kommen sit to wachtsjen, blike hja mei de Noardersinne fordwoun to wêzen. Dan lûkt Roel Hoekstra eb Geby Boston út 'e akkordeon, dy't Siderius en frou ek meidounsje. Dêrnei sette dy ôf en wy dounsje de joun noch fierder to 'n ein. Der wurdt grûte, dat der tsjin 't lêstoan noch oeribele djûre stamboeksballen forhannelle binne, dêr 't ek guon fan yn 'e blikke oan 't tsjoar moasten; mar hwa wit der mear fan?

Goedkard en fêststeld to Hantum 4-2-1952.

De skriuwster: A. van der Meulen-Homans

Forslach fan de gesellige joun fan it "Doarpsrountsje op 4 Febrewaris 1952 by W. Kamstra to Hantum.

Roel Hoekstra en Simon Grijpstra sitte al ier to spyljen, mar folle fortuten docht it sa op 't each net: de minsken wolle net fan rjochtens komme. De gryp faeks, seit foarsitter Gerbens, as er om in ûre as acht hinne de gearkomste iepent. Der hat lykwols grif hjir en dêr noch alris immen efter de coulissen húsmanne, hwant de presinsjelist, dy 't yn 'e rin fan 'e joun rounget, wiist út, dat wy nettomin mei 44 minsken bymeikoar west hawwe.

It forslach fan 'e foarige gearkomste wurdt foarlêzen en sûnder foroaringen goedkard en feststeld. De foarsitter bringt de sekretaris fan ús skriuwster tank foar syn wurk. Dan komme de leden fan it Hantumer Ploechje mei harren ienakter "Blyn spul" op 'e planken. Nou, as soe 't allinne dêr by blaun wêze, dan hie de joun al hast goed west, sa knap waerd it spile, - mar och hea, it blykt, dat dit is noch mar in begjin. Sa nimt nou Jitze Grijpstra, dy't yntusken noch ynkommen is, de akkordeon ris fan Roel Hoekstra oer en hy wurdt by inkelde nûmers mar kreas fan syn heit begeliede, - of dat it krekt oarssom wie, dat is der net by sein. Wy krije ûnder de bidriuwen thé en Tine Grijpstra en Atsje van der Ploeg spylje togearre in stik as trije nûmerkes op 'e akkordeon. Nou in skerp ear, dy't harren dêrby op in flater bitraepje koe.

Kees Brouwer en Klaas Douwes Velink kamen as Pibe en Wibe Mol op it toaniel. It hantsjeklappen wiisde út, dat ek harren bydrage wol yn 'e smaek foel. Foar de foroaring spylje Roel Hoekstra en Jitze Grijpstra nou ris togearre en mei begelieding fan lêstneamde sjongt Klaas Velink, de bakker, in liet dat "De misdaad" hjit. Hwerom sjongt dy man net folle mear; 't is nammers in geniet om nei hi mto hearren. Jan Grijpstra syn foardracht "It geitsje" is wol bikend, mar nei 't der sein wurdt sil er nou dwaende om de libbensrin fan Ukkie op 't papier tos etten. Dy moat wol witte, hwat it ûnderskied tusken "manlijk, vrouwlijk en onzijdig is", - ja, Ukkie dan. Hendrik Lettinga en frou harren sketske "Jounskoft" kin men in amerijke oer neitinke. Moai, sa 't der fan forskate kanten yn 'e seal sein

wurdt. Dan it sjongstikje fan Van der Meulen en syn oare helte, it lofliet op Hantum, dêr 't men ek omraek op hantsjeklapt.

Efkes letter blykt Tine Grijpstra fuort to wêzen, mar hja komt nei in toarntsje as "De Zwerver" wer foar 't ljocht en wol sa goed yn har rol, dat der miskearret neat oan. Sa wie 't mei ús ponghâldster trouwens ek, mar dy forwachtsje wy tonei, likegoed as om hwat, ekris mei hwat. Ek dêr mei har man har wol ta helpe. Klaas Velink en frou sjonge dan "Droomland" op stimmen; wy hiene it in kear earder heard, mar founen it noch like moai. As dat dien is spylje Atsje en Tine foar de twade kears togearre op 'e akkordeons en yn dy tiid meitsje Hendrik Lettinga en Jan Grijpstra tarissingen foar harren sketske oer ynspekteur Barendse mei de musikale fortochte. En nei 't hja op it toaniel west hawwe komt Kees Brouwer yetris. Hy smookt troch de fingers, mar as er meidertiid nochris oan fuotwaskjen takomt sil er it, sa 't it heart, troch de teannen dwaen en dan mei mear sukses rekkent er. Roel Hoekstra mei Njisk Velink en Rense Kamstra mei Saekje Bosch bikampe mekoarren yn 'e kriich, dy 't "twa kear twa is ien" hjit, en dêrby winne Roel en Njisk. Mar der binne fjouwer repen en dy wurde earlik ûnder de meidoggers omparte. Lit it dan, sûnder dat wy it eins merkbiten hawwe, healwei ienen wurden wêze. Foarsitter Gerbens slút de joun mei in wurd fan tank oan alle gearre en stekt fuort neitijd ôf, om mei syn frou de grypbaccillen thús te bringen. Der wurdt noch in healûrke dounse en dan giet elk wol foldien nei hûs.

Goedkard en fêststeld to Hantum 24-3-1952.

De skriuwster: A. van der Meulen-Homans

Forslach fan de gearkomste fan it "Doarpsrountsje" op Moandei 24 maart 1952 by R. van der Ploeg op 'e Hantumerhoeke.

Om in ûre as acht hinne iepent ús foarsitter, de Hear Gerbens, de joun mei in hertlik wolkom oan 'e oanwêzigen en hy sprekt der syn foldwaening oer út dat de opkomst sa goed is. It sealtsje sit sahwat fol, dat hwat wol men noch mear. Fansels, de Hear Dam Jaarsma fan Eastermar, dy't ús dizze kears beuzich hâlde sil mei in ynlieding oer "De humor yn de Fryske literatuer", wurdt efkes spesjael wolkom hjitten en allyksa in pear lju yn 'e seal, dy't har fan 'e joun foar 't earst yn ús formidden sjen litte. Hy sprekt dêr de hoop by út, dat hja der ta bislute kinne, lid to wurden fan it Doarpsrountsje; in ding dat fan bilang is, de kontribúsje, wurdt der fuortdaliks mar efkes by neamd. Dan lêst Van der Meulen it forslach fan de foarige gearkomste foar, dat ûnforoare goedkard en fêststeld wurdt. Mar hoe sit dat nou mei dy bistjûrsaentsjes; foaral dat fan syn frou, dêr woe Van der Meulen wolris in oarenien foar hawwe. Der binne lykwols, al krechtsa as by eardere gelegenheden, gjin leafhabbers foar. Roel Hoekstra hat him alris hearre litten op 'e akkordeon en yn 'e tidd dat der fan in bierkistke it katherder foar de sprekker ynrjochte wurdt, docht er dat nochris.

Dan set de Hear Jaersma út ein en hy hâldt net earder wer op as dat de klok al tsjin tsienen wiist. It begjin fan de ynlieding wie what dreech, mar dêr is 't net to minder om. Wy koene der hwat fan leare en om to learen is in minske nea to âld. Wy hawwe goed it ûnderskied tusken folkshumor – it komyske kin dat ek neamd wurde – en de echte humor oantoand krige. "humor ist wenn mann trotzdem lacht", sa 't in Dútsk literator it definearre, en mei in variant op dy wurden soe men fan folkshumor hast sizze kinne: Folkshumor ist wenn mann von lachen weint. Se wienen kostlik, de ûnderskate 19^e ieuwske folksforhalen, dêr't de sprekker ús priuwkes fan joech, kostlik en komysk,

mar derom just: net humoristysk. De humor yn 't libben is in froalike noat tsjin in tragyske eftergroun en inkelde foarbylden dêrfan, krije wy nei it drinken fan in kopke thé. By dat kopke thé hawwe wy efkes tiid om to bikommen; der wurdt ek al switten troch dizze en jinge, binammen troch de sprekker. Tine Grijpstra en Atsje van der Ploeg spylje foar de ôfwikseling in pear nûmmerkes op harren akkordeons. It earste stikje sette hja tagelyk út 'e ein en hja komme ek neistmeikoar oer de streep, mar op healwei hie 't der wol earlik oan, dat de iene de oare byhâlde koe. Mei it twadde nûmer giet it lykwols wer as fan âlds en it tredde is ek goed.

Dan nimt Jaarsma wer it wurd; hy fiert ús mei it neamen fan tiidrekken en nammen, foaral fan bikende bûtenlânske literators nei de greate Fryske skriuwer Reinder Brolsma. Dat is de man, dêr 't wy it bêste fan leare kinne hwat der krekt ûnder humor forstien wurde moat. Yn in forhael fan de sprekker sels komme wy ek al mei it ûnderskied tusken humor en folkshumor yn 'e kunde, mar it treflikste foarbyld fine wy yn dat fragmint út It Heechhûf oer de keallehandel fan Jan en Folkje. En in oar priuwke is in skets fan deselde skriuwer "De piano", dy't in laits fregetfoar it nijsgjirrige en in trien foar it tragyske yn 'e figuer fan de haedpersoan. De sprekker einiget mei in fers fan Fedde Schurer: "In sankje by de âlde harmonika". Sa as altyd si lek dizze joun de iene better foldien hawwe as de oare, mar dat moat ek net oars, hwant dan soene wy altyd weroan itselde to hearren krije. De foarsitter seit de Hear Jaarsma mei in treflik wurd tank foar syn ynlieding. Simon Grijpstra makket ek noch musyk en wy dounsje oan ien ûre ta. Dêr wiene meimekoar 40 minsken op 'e gearkomste.

De skriuwster: A. van der Meulen-Homans

Forslach fan 'e gesellige joun fan it "Doarpsrountsje hâlden op Tiisdei 11 novimber 1952 by W. Kamstra to Hantum.

As wy der ynkomme, lûke Jitze en Tine Grijpstra al oan 'e harmonika. It folk rint der trouwens net hurder om; it bilytset ús eins mar hwat, seit Gerbens, de foarsitter as er, om in ûre as acht hinne, ús en bynammen de foardrager, "lytse Sjoerd fan Mounein", dy't fan 'e joun syn kunsten ris foar ús fortoane sil, in wolkom taroppen hat. De frou fan Simon Grijpstra wit ús lykwols to fornijen, dat der noch al guon minsken ûnderweis binne, dat dêr sille wy dan mei it foarlêzen fan de notulen mar efkes op wachtsje. Gerbens hopet foar ús op in fleurige joun. Hy jowt yn forbân dêrmei oan de hear De Vries (de sneinske titel foar Lytse Sjoerd) de rie, om de boksen mar op to strûpen. It wurd is al fuortdaliks oan him, dat wy sille ris sjen en hearre. Nou, seit Lytse Sjoerd, hy twivelt net of it sil wol slagje. Hy hat tominsten al heard, dat de measten yn Hantum wol in slokje meije, en ta hokfor sitewaesjes dat soms oanlieding jaen kin, dêr fortelt er ûnder oaren in staeltsje fan. As er dêrmei al gau-eftich de lakers op syn hân hat, lit er efkes it wurd oan Jitze Grijpstra en yn dy tiid forklait hy him.

Dan komt er, forskûle yn 'e persoan fan Sjouke mei de koffer wer op it toaniel en lit er ús hearre, hoe floatich as er petearje kin. Sjouke hat gjin né to keap; syn negoasje bisiket er oan 'e man to bringen yn in rimelarije, dy't er by de jelne út 'e koer smjit. Lang net mijn. Dat is Jan van der Heide trouwens ek net, al moatte hy en syn harmonika blykber earst beide efkes waerm rinne. It tal artisten is mei dit nije lid fan ús rountsje wer mei ien útwreide. Wolkom yn ús midden, it selde as hwat de foarsitter yn 'e pauze ek seit. It is in kromke let, mar dat komt trochdat de man, Gerbens by syn iepeningswurd, net opfallen wie. Lytse Sjoerd tsjinnet him op 'e nij oan, nou as Gepke mei de bolkoer. Dat is wol ien fan syn bêste nûmers. In foardracht, dêr't neist de fleurige noat in berch soune humor yn siet. En it

gehiel wurdt knap oer 't fuotljocht brocht. It forhael fan Geale en Baeije, de boerefeit en – faem, dy't mei Maeije boaskje sille, komt dan, en dêrnei Beppe en Rommert, de lêste mei in “moedervlek” fan 45 stûren.

Dêr tuskenyn hawwe Jitze en Tine alris wer in stikje muzyk joun. Fan lêstneamde kin men witte, dat hja noch wol studearret. Der komt muzyk yn Tine har muzyk to sitten. Jan van der Heide spilet ek nochris en nei 't wy fan ús foardrager it sielelibben fan it stânbyld Mercurius op it Saeilân bleatlein krige hawwe, helje wy in stikmannich sangen op. De kastelein sjocht út en troch ris by de foardrager efter de skermen, en dat falt dêr wol yn goede ierde. De titel fan de foardracht dy't wy nou krije, wiist der op: Komt er in, zet je hoed af. It sin fan de man wurdt der geandewei fleuriger tsjinoan. Op syn oanstean sjonge wy allegearre it refrein mei. Dan wurdt de siktaris útnoege om it forslach fan de foarige joun foar to lêzen. Dat moat de skriuwster wêze fansels, mar hoe koe Lytse Sjoerd ek witte, dat frou Van der Meulen sa'n stipe oan har man hat. Nei't de notulen sûnder op- of oanmerkings goedkard en fêststeld wurde, freget Gerbens oft wy wol witte dat it nou skoft is. Nou, hoe 't it krekt sit: frou Postma steurt har der net oan. Mei help fan har man begjint hja de kontribúsje op to heljen. Der komme op dat pas noch fjouwer jongfeinten yn, dêr't twa har as lid fan opjowe. De beide oaren rekkenje wy dan mar ta de gasten, dat is to sizzen: rekken to hâlden mei itjinge dat ús ponghâldster ûnder dat wurd forstiet. Mar dêr is Jan Grijpstra skuldich mei oan, hwant dy skeat it earste op 'e mannen ôf. Hwa't lykwols wit, hoe 'n toer as it is om hieltyd de eintsjes oan mekoar to hâlden, dy sil it gjinien fan beiden kwea ôf nimmen. Jitze en Jan forsoargje yn it skoft de muzyk en as de hear De Vries útpûst is, hat dy nouris in oare foardracht oer it geitsje as de fan âlds bikende. Mar wurdt dy man net hwat rydlik oerdwealsk, of kinne wy it timpo net mear byhâlde? Dy't bûten de seal binne hawwe der net ta bitelle en hoege it dus ek net to hearren wol? Of is dit kunst fan in legere priisklasse as dy fan earder op 'e joun?

Japke, it molke en fleistype komt wer hwat better foar de hearen en allyksa de foardracht fan Gabe. De beide musikanten krije der nocht oan, sa't it skynt; hja bliuwe nou alteast mar op it toaniel sitten. Dan komt Lytse Sjoerd as Manus syn wiif. Nou, dat is, yn tsjinstelling mei de foardrager syn eigen miening, bislist syn suksesnûmer net. It wie syn lêste; hawar der is genôch om lake wurden. De klok wiist kertier foar toalven, it hat moai west. En nettsjinsteande de bitinkingen, dy't men tsjin ien en oar hawwe koe, it moat sein wurde: oan Sjoerd de Vries hat it him net lein, as de joun net slagge wêze soe. Wy moatte net forjitte, it is foar ien man allinne gjin kleinicheit om in joun fol to meitsjen.

De foarsitter slút mei in wurd fan hertlike tank oan de Hear De Vries foar syn wurk en oan de oaren foar har bywêzigens it officiële diel fan de joun. Der wurdt dan, lyk as wênst is noch oan ien ûre ta dounse, mei, ek lyk as de measte kearen, Jitze Grijpstra oan 'e harmonika. Op 'e presinsjelist, dy't de joun roungien hat, komme meimekoar 41 hântekeningen foar.

De skriuwster: A. van der Meulen-Homans

Forslach fan 'e gesellige joun fan it “Doarpsrountsje hâlden op Freed, 13 maart 1953, by W. Kamstra to Hantum.

Efkes oer achten iepent foarsitter Gerbens de joun mei in wurd fan wolkom oan ús allegearre. Der soe noch in 3^e joun hâlden wêze dit winterskoft, mar troch de stoarmramp yn Febrewaris is alles

útsteld rekke en hwat yn 'e war rekke, dat sadwaende binne wy nou noch mar foar de twadde kears by elkoar. En om nou noch in kear sil wol net folle mear wurde; dêr foar komme wy to let yn 'e tiid. Dizze joun sil wer fan eigen kreften forsoarge wurde; dy't in bydrage hat, kin him efkes opjaen. De foarsitter hopet foar ús allegearre op in gesellige en moaije joun. It wurd is dêrnei oan it ploechje, dat it ienakterke "Skrikkelder" oer de fuotljochten bringe sil. Nou, mei it spyljen dêrfan fljocht it net sa hurd. De rolfêstens is noch gjin hûndert persint en der is ek to koart rippetear. Hawar, wy krije it stikje nei bêste kinnen fan 'e spylders tos jen, en och, it wie ûnder ús. Dêrnei wurde de notulen fan it foarige jountsje foarlêzen en sûnder foroaringen goedkard en fêststeld.

Dan moatte der individuele artysten komme. Yn folchoarder fan lingte of dikte mar op 'e planken, wurdt der foarsteld. Frou Postma iepent de rige; hja lêst in stik as fjouwer gedichten foar en rûgelt dan, hwat hurder as dat de bidoeling wie, fan it toaniel ôf. Neffens har eigen sizzen is se nochal sêft delkomd.

Het verslag stopt om onbekende redenen hier abrupt. In het notulenboek komen ook geen verslagen van mogelijke volgende bijeenkomsten. Wanneer deze vereniging opgehouden is te bestaan is evenmin bekend.